

Basisskoalle 't Holdernêst is 'trijetalige skoalle'

Sytze T. Hiemstra

Iepenbiere basisskoalle 't Holdernêst yn De Harkema is de earste skoalle yn Achtkarspelen dy't it sertifikaat 'Trijetalige Skoalle' krige hat. It buordsje dat boppe de foardoar fan de skoalle hinget, waard tiisdeitemiddei, 22 juny 2010 ûntbleate troch wethâlder Marten van der Veen (foto). De Feriening Frysk Underwiis (FFU) hie in útnoeging krige om dêr tsjûge fan te wêzen en it bestjoer hie my ôffurdige om by dy gelegenheid wurdearjende wurden te sprekken. Sokken mar mear yn Achtkarspelen, wie myn betinken.



Mei it sertifikaat heart de IBS 't Holdernêst offisjeel ta it netwurk fan meartalige basisskoallen dy't ûnderwiis jouwe yn it Hollânsk (Nederlânsk), Frysk en Ingelsk.

Om de titel 'Trijetalige skoalle' fiere te meien, moat in skoalle foldwaan oan in stikmannich kritearia. Sa moatte de skoaren foar taal en lêzen op of boppe de lanlike trochsneed lizze en de bern fan de groepen 6 oant en mei 8 moatte mei goede resultaten meidwaan oan Anglia-eksamens¹. Op 17 maaie kaam in ûnôfhinklike fisitaasjekommisje ta it oardiel dat 't Holdernêst mear as foldie oan dy kritearia.

Genôch reden om der op skoalle in feestlike middei fan te meitsjen. "Wittenskiplik ûndersyk lit aloan sjen dat de basisskoalle omtinken jaan moat oan de memmetaal fan it bern", ornearre direkteur Willem Wouda fan 't Holdernêst. "Yn ús gefal is dat de Fryske taal. As dy goed ûntwikkele wurdt, dan giet it learen fan oare talen

ek folle makliker. As 'trijetalige skoalle' fersterkje en stimulearje wy it algemiene taalgefoel fan ús learlingen. We meitsje harren dêrmei klear foar in maatskippij dêr't mear talen in rol yn spylje."²

De trije talen wurde by in trijetalige skoalle net allinnich as fak jûn, mar ek brûkt om les yn te jaan by oare fakken, dus as ynstruksjetaal. Der mei net earder praat wurde fan in trijetalige skoalle as dat de trije talen yn in beskate ferhâlding brûkt wurde as fak- en fiertaal. By 't Holdernêst is dat yn de ûnderbou foar de helte Frysk, de helte Hollânsk en boartsjenderwize wat Ingelsk.

Yn de middenbou wurdt it Frysk twa deidielen as fiertaal brûkt en wurdt de rest fan 'e wike Hollânsk (Nederlânsk) praat. De bern krije alle wiken Ingelsk as fak oanbean en der binne Ingelske lêsböeken. Yn de boppebou, dus yn de heechste klassen, wurdt njonken it Hollânsk en it Frysk ien moarntiid wyks Ingelsk praat. Om derfoar te soargjen dat de bern it Ingelsk op in goede wize oanbean krije, kriget de skoalle stipe fan in Ingelsktalige learkrêft. Op it stuit immen dy't út Kanada kaam, mar Nederlânske woartels hat.

It Holdernêst is ien fan de iepenbiere basisskoallen fan de stifting ROOBOL³ en hat 165 learlingen. De skoalle is op it stuit de 38^{ste} skoalle yn Fryslân dy't it sertifikaat krige hat en de tredde Roobol-skoalle. De beide oare mei in *Trijetalige Skoalle*-sertifikaat binne: de IBS *De Tsjelke* yn Holwert en de IBS *Ids Wiersmaskoalle* yn Brantgum. Trije skoallen sitte noch yn in trajekt om offisjeel trije-





talich te wurden: *Lytse Wiman* yn Twizel, *De Balkwar* yn Koatstertille en *De Mienskip* yn Bûtenpost.

It wie Sjoerd Groenhof dy't yndertiid as lid fan de meisizzenskip sried it inisjatyf naam om de 'meartaligens' yn it skoalplan op te nimmen. Hy bea no de skoalle in grutte Fryske flagge oan en in glandernije kaart mei alle Fryslannen derop (sjoch de siden 8-9 fan dizze *Swingel*), dêr't de Fryske flagge de sân pompeblêden oan te tankjen hat (*foto*).

Noaten

- ¹ Anglia-eksamens binne der op 14 nivo's, keppele oan it *Common European Framework* (oan te klikken op bygelyks Google)
- ² Yn it blêd *Actief*, 16-06-2010, is ek omtinken jûn oan it feestlike barren. Ik ûntlien inkelde útspraken fan Wouda oan in fraachpetear mei him.
- ³ *Regionaal Orgaan Openbaar Basisonderwijs Lauwersland* mei 16 basisskoallen en 2 njonkenfêstigings.

By de foto op side 2 ûnderoan: Master Wouda lit in ôfbylding fan it embleem 'trijetalige skoalle' sjen.

drs. Sytze T. Hiemstra is skriuwer fan de FFU.

An advertisement for LINUM landscaping and advisory services. The main image shows a green plant growing in a glass container with white roots. The text 'LINUM túnfoarmjouwing en advys' is at the top. Below it, 'Natura Artis Magistra' is written. Three small inset photos show different landscaping projects. At the bottom right, contact information is provided: 'Siem de Vlas, Gysbert Ispkxstrjitte 58, Ljouwert, (058) 2166002, www.linum.nl'.